

De oergong rd>z en rt>ts yn it Skiermûntseagersk

Siebren Dyk

Summary

The Frisian dialect of the Wadden Sea island of Schiermonnikoog (Frisian: Skiermûntseach) displays a rather curious sound change. In this dialect, the consonant clusters rt and rd are converted to ts and z, respectively. So, for instance, mainland Frisian hurde herten (English 'hard hearts') appears as hezze hetsen in the island dialect. This phenomenon even affected the weak verbs of class I that have a stem ending in r, in cases where the suffixes -de or -d of the preterite or past participle were added; compare mainland hierde 'rented' to Schiermonnikoog hieze.

Over time, the data have been explained in two different ways. Halbertsma's suggestion, that the fricative z developed from Old Frisian th, is clearly untenable. A later but more serious proposal takes as its starting point the general Frisian weakening of r before dentals and assumes that, for Schiermonnikoog, this resulted in palatalisation of t and d and subsequent assibilation. However, as is demonstrated here, this line of reasoning has some disadvantages. As an alternative I propose that in the deletion of r, its feature [+continuant] has been retained. This feature turned the stops t and d into affricates. This explanation gives a much better account for the resulting distribution of the consonants.

*Only about a half of the potential input forms has been affected by the sound change. An important exception are the aforementioned class I weak verbs that have a stem ending in r, when combined with the suffix -t of the third person singular of the present tense. So, on the mainland we have the form hiert, but there is no corresponding form *hiets from Schiermonnikoog. For these exceptions, different kinds of explanations are provided, both formal and functional.*

1. Oanrin

Yn it jier 1867 ferskynt by de útjouwerij Loman en Verster yn Amsterdam in boekje fan 'e hân fan A. Winkler Prins mei de titel *Geschiedenis en be-*

*schrijving van het eiland Schiermonnikoog.*¹ Yn it haadstik oer "de bevolking" wurdt ek omtinken jûn oan it dialekt fan it eilân. De auteur ropt dêrta de help yn fan Joast Hiddes Halbertsma:

- (1) "Op mijne vraag om inlichtingen omtrent het Schiermonnikoogsch, heeft straksgenoemde Nestor onzer taalkenners - de heer Halbertsma - mij medegedeeld, dat in het eilanderdialect meer dan elders het oud-Friesch is bewaard gebleven. De Schiermonnikoogers zeggen *ierse* (aarde), waar de Friezen aan den wal het woord *ierde* gebruiken. De klank *ie* is Friesch en aan beide dialecten gemeen. Maar van waar de uitgang *se* in het eilandsch? Deze komt van de *etsch* of *th*, waarmede het oud Friesch *irth* sluit. Dit is in het Engelsch *earth*, en in het Angel-Saksisch *earthe*, welke laatste uitgang nagenoeg uitgesproken wordt als *se*." (s. 91)

It eilander wurd foar *ierde* wurdt hjir mei in *s* stavere, en dat is yn dy sin wat betiizjend dat it wurd ek yn 'e 19de ieu, krekt as hjoeddedei, grif mei in stimhawwende frikatyf útsprutsen west hawwe sil. De moderne stavering *ieze* jout dat korrekt wer. Likegoed wie dit de earste kear dat de wrâld it omtinken frege waard foar in frijwat spektakulêre lûdsferoaring. Ek al waard dy net yn dy foarm presintearre. Ommers, Halbertsmá tinkt dat dy wat apartige útspraak mei in frikatyf streekrocht tebek giet op it Aldfrysk, doe't de *d* hjir in thorn (*th*) wie, dat yn it Ingelsk noch altyd sa is. En dus tinkt er, dat der yn it gefal no just neat, of hast neat, feroare is. Dat dat him tinken wie, docht ek bliken út de oantekens yn syn manuskript *Lexicon Frisicum B*, bewarre op Tresoar, en sûnt in pear jier beskikber yn in útjefte fan it Frysk Ynstitút fan Grins (Van Dellen & Hoekema 1999). Op 'e siden 351-368 jout er dêr bysûnderheden fan it dialekt fan Skiermûntseach. It binne almeast oantekeningen op losse wurden. By de wurden *fjisser* (side 354; Lânfrysk *fjirder*) wol er de Skiermûntseager frikatyf ek ûntstien wêze litte út in âlde thorn:

- (2) *Fjisser* 'vierendeels vat'. Ags. *feowrthe*, quartus.

Itselde jildt foar *tjinst-wersich* (side 356; Lânfrysk *tsjintwurdich*):

1. Foar kommintaar op in eardere kladde betankje ik Willem Visser en Jeroen van de Weijer. In koartere en hjir en dêr oanpaste ferzje fan dit ferhaal hat ek ûnderwerp west fan in lêzing op it besprekkolleezje foar studinten Frysk oan 'e Universiteit van Amsterdam, 1 septimber 2005 en fan in lêzing op it Frysk Filologekongres op 14 desimber 2005.

- (3) *Tjinst-wersich*, tegenwoordig, De *s* in *wersich* is uit de oude *þ* in *G. and-vairths* præsens.

Lykwols, Halbertsma komt der net hielendal út. Hy giet nammentlik fierder mei:

- (4) *Nisi potius nata sit ts ex t* ut in *bakkebersen*. bakkebaarden, *koarts* (koáts) kort. *sterts*, staart. *hers*, hard

Hy hat yndied gelyk dat yn 'e wurden *burd* (part fan 'e gearsetting *bakke-burd*), *koart*, *sturt* en *hurd* nea in thorn stien hat. Troch syn stavering fan al dy Skiermûntseager wurden mei in *s* makket er de boel lykwols wol betiizjend. It soe noch wol te ferdigenjen wêze dat yn dat *koarts*, hjoeddedei stavere as *kots*, en *sterts* (hjoeddedei *stets*) dy *ts* yndied út in *t* ûntstien is. Hoe wol? In oergong *t > ts*, apart is soks op it earste each wol. Boppedat, fan *bersen* (*bezzen*) en *hers* (*hes*) mei men, sa't wy fierderop bepleitsje sille, oannimme dat dêr in stimhawwende *d* mei ûnder sit. En datselde jildt fansels foar Halbertsma syn eardere foarbylden *tjinst-wersich*, *ffisser* en *ierse*. Op in oar plak yn *Lexicon Frisicum B*, op side 365, leit er ynienen net in ferbining mei de *t*, mar yndied mei de *d*:

- (5) d fit dz vel z vel s
Wården : woarsen²
hirde herse

Ut dy *d* soe dus neffens Halbertsma sawol in *z* as in *s* as ek noch de kloft *dz* ûntstean kinne, mar hy staveret syn beide foarbylden wol allinne mar mei in *s*.

Alles meiinoar jout Halbertsma dus in ridlik betiizjend byld. Der kin in *s* fuortkomme út in thorn, in *t* en in *d*, en de lêste soe ek resultearje kinne yn *z* of *dz*, mar dêr jout er gjin foarbylden fan. De beskriuwing raast dus om in wat systematysker behanneling. Soks woe ik yn dit artikel besykje. It is oars net sa dat it ferskynsel yn 'e taalkundige literatuer nei Halbertsma nea mear it omtinken krige hat. Sa't we yn paragraaf 3 sjen sille, hat bygelyks Markey writen dien om der in ferklearring fan te jaan, mar dat besykjen is nei myn smaak net hielendal gelokkich útfallen. Foar him hat Van Ginneken him yn it foarbygean ek mei it ferskynsel dwaande holden, mar it liket wol as is dat

2. Hokker wurd Halbertsma mei dit foarbyld krekt op it each hat, doar ik net te sizzen. Foar syn (fonologyske) riddenearring makket dat lykwols neat út.

nea immen opfallen. In wiidweidige beskriuwing fan it fenomeen liket my dêrom fan belang.

It ferhaal dat no komt, is yn in pear paragrafen opspjalt. Yn paragraaf 2 besjogge we de oergong op makronivo. De fonologyske aspekten komme globaalwei oan 'e oarder, en der sil sjoen wurde wêr't de oergong him krekt oppenearret, en wat de gefolgen west ha. Yn paragraaf 3 sit it perspektyf op mikronivo. Dêr sil besocht wurde om fan 'e feroaring in analyse te jaan. At we de data bylâns geane, docht boppedat bliken, dat it feroaringsproses net folslein west hat. Ik sil ek besykje om dêr wat oer te sizzen. Dat sil barre yn paragraaf 4.

2. Data

Foar it útlizzen is it faaks it bêste om te begjinnen by de bylûdkombinaasje *rt*. Dy kin yn it Skiermûntseagersk feroarje yn 'e kombinaasje *ts*. Hjir komme de wurden dy't der mei anneks binne, mei yn 'e middelste kolom de oerienkommende wurden út it Lânfrysk, en, foarsafier oerlevere, rjochts de fariant yn it Aldfrysk:

- (6) *rt > ts*

<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>	<i>Aldfrysk</i>
aits	eart	
fjitsich	fjirtich	fiüwertich
fjitsien	fjirtjin	fiüwertüne
hets	hert(e)	herte
kots	koart	kort, kurt
Leeuwerts	Ljouwert	Lewert()
lots	loarte	
potse	poarte	porte
schetse	skerte, skurte	
smets	smert(e)	smert (adj.) 'scharf, schmerzend'
steits	sturt	stert
stetse	stoarte	sterta, stirta
swets	swart	swart
waits	wart	warte

Miskien heart it wurd *lets* ('ljurk') hjir ek by, mar dat is net goed út te meitsjen. De *r* stie dêr fan âlds al foar de kloft *ts*. *Lets* soe dan troch regelmjittige *r*-deleesje ûntstien wêze kinne út *lerts*, mar de oergong *rt>ts* soe tapast op *lerts* ek de hyptetyske tuskenfoarm **letss* opsmite kinne, dat nei degeminaasje ek wer op *lets* útkomt. Sjoch foar de útgong *-ts* yn dit wurd by Århammar (1984).

It is by dizze oergong essinsjeel dat it om de kombinaasje *r+t* giet. In inkelde *r* yn it Skiermûntseagersk komt gewoan oerien mei in inkelde *r* yn it Lânfrysk:

(7)	<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
	wier	wier
	swier	swier
	klair	klear
	feur	foar

Itselde jildt foar in inkelde *t*:

(8)	<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
	wiet	wiet
	satte	sette
	nat	net (subst.)
	net	net (adv.)

Merk op dat by de oergong de stimleazens fan 'e *t* yn 'e kloft-*rt* kreas bewarre bliuwt yn it risseltaat *ts*, dat yn syn gehiel ommers ek stimleas is.

De faktor stim is in ding fan belang. Dat sjogge we ek, at yn it Lânfrysk de *r* foar in stimhawwende *d* komt te stean. Yn it Skiermûntseagersk komt dy kombinaasje nammentlik as *z* werom, en dy *z* is ek stimhawwend. Yn it oersjoch hâld ik even gjin rekken mei it ûnôfhinklike ferskynsel fan 'e einlûdferskerping:

(9)	<i>rd > z</i>		
	<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>	<i>Aldfrysk</i>
	aas	aad	
	bes	burd	berd
	búes	board	bord
	eeuwnferfes	ûnferfeard	onforfeerd (Bogerman)
	fjizze	fjirde	fiürda

fjizzer	fjirder	
flôze	flarde	flarde
hes	hurd	herd
ieze	ierde	erthe, irthe
kaazje	kaardzje	ferl. subst. <i>karda</i> 'Karde, Wollkratze'
leiers	ljedder	hlêdere
slozzich	sloard(er)ich	
swaits	swaard, swarde	swarde
swes	swurd	swerd
Tjeas	Tseard	Tiärd
tjinstwezzich	tsjintwurdich	jën-wardich
wes	wurd (s.)	werd, wird
wezze	wurde (v.)	wertha
wezzich	wurdich	werthich

Sa't we sjen kinne, binne der, ôfgeande op Holthausen/Hofmann (1925/1985), in pear wurden dy't yn it Aldfrysk in *th* hiene (*erthe/irthe*; *wertha*; *werthich*), mar we meie oannimme dat dy *th* yn it lette Aldwestfrysk in *d* wurden wie, sadat de ûnderstelde oergong fan *rd* ta *z* hanthavene wurde kin.

It aardige fan sa'n taalferoaring yn it iene dialekt is, dat er jins fyzje op 'e histoaryske tastân yn in oar, besibbe dialekt beynfloedzje kin. Dat is yn dit gefal fan tapassing op it Lânfryske wurd *aad*, de platte bak bekend fan 'e earste side fan alle Fryske wurdboeken. Buma (1959, 46) toant op basis fan fynplakken yn âlder Frysk, lykas yn 'e *Snitser Recesboeken* en yn de *Friesche Boereprognosticatie* fan Petrus Baardt, al oan dat dêr earder in *r* yn stien hat; it wurd hie fanwegen it etymologisearjende begjinsel fan 'e Fryske stavering dus winliken as *aard* skreaun wurde moatten. Klaas Fokkema (1959) jout dêr yn in taheakke in befestiging fan op grûn fan 'e Skiermûntseager foarm *aas*. "Lykas bikend is, wurdt *-rd* op it eilân *-s* en dus is *aard* hjirre *aas* wurden", sa skriuwt er. Sa't we drest sjen sille, is dy beskriuwing op himsels wol wat koart troch de bocht, mar as argumint yn in etymologyske analyse is de opmerking sûnder mis oertsjûgjend.

Opfallend yn 'e list is ek it wurd *leiers*, 'ljedder'. Mei Spenter (1968, 199) moatte wy hjir wol metatesis oannimme, dy't de *d* en de *r* omwiksele hat. Ut de Aldfryske oarkonden hat Spenter yndied ek in foarm *leerde* opdippe. Troch de lûdferoaring soe de *r* ferdwûn wêze moatte. Dat er dochs yn it Skiermûntseager *leiers* opdûkt is ek inkeld mar in staveringskonvinsje, útsprutsen wurdt er nea.

Lykas sein, steane in pear wurden yn 'e list, dus deselden mei in einichste *s*, ûnder ynfloed fan einûntstimming. Dat we yn dy wurden wiswier wol mei in ûnderlizzende stimhawwende *z* te krijen hawwe, bewize de ûndersteande pearen:

(10) bes	bezzen (meartal)
búes	bozzen, bozen (ûnregelmjittich meartal)
eeuwnferfes	eeuwnferfezze seejúed 'ûnferfearde seelju'
hes	in hezzen wiin 'in hurde wyn'
leiers	leierzen (meartal)
swes	swezzen (meartal)
wes	wezzen (meartal)

In probleem is hjir inkeld it wurd *swaits*, dat yn it meartal *swaitsen* hat. Spenter (1968, 177) sjocht dat probleem ek, en nimt in iere ûntliening oan: "Das Schm. Wort wird wegen des auslautenden *-ts*, das auf *-rt* zurückgeht, als alte Entlehnung gelten müssen, wofür mnl. *swa(e)rt* n.f. neben *zwaerde*, *sward*, *swee(r)de*, *sweert* (Mnl.Hwb.) die mögliche Grundlage bildet". In botte oantreklik idee is in ûntliening út it Middelnederlânsk fansels net. It hat tinkt my de pree om te tinken oan in ynterne Skiermûntseager ûntjouwing. Dy is ek net ûnmooglik. It is nammentlik wol faker foarkaam dat wurden mei in ûnderlizzend stimhawwende einkloft in werstrukturearring nei stimleazens ûndergien hawwe. In foarbyld is Skiermûntseager *wids* ('widze'), dat njonken it regelmjittige meartal *widze* ek it meartal *witse* hat, wat wiist op in werstrukturearring fan it iental ta /vIts/.

Lykas in *widze* komt in *sward* yn 'e praktyk fan it libben foaral yn it iental foar, wat de omstrukturearring yn 'e hân wurke hawwe kin. Der bliuwt dan lykwols noch al in probleem oer. Yn 'e foarbylden fan (9) ha we ommers hyltyd in inkelde *z*. By omstrukturearring hie dy feroarje moatten yn in inkelde *s*, dat it hyptetyske **swais* opsmitten hawwe moatte soe. *swaits* moat dêrfoaroer wol fan in ûnderlizzend **swaidz* komme, mar dat is net oerlevere.

Likegoed is dy hyptetyske tuskenfoarm no krekt wol in lokkige útkomst. It moaiste soe ommers wêze, at de beide hjir besprutsen lûdferoarings yn wêzen ien proses wiene, inkeld ûnderskaat troch in ferskillende spesifikaasje foar stim. At dan *rt* yn *ts* feroaret, dan soe *rd* winliken yn *dz* feroarje moatte. En dat soe ik útstelle wolle dat ek werklik bard is. Aldfrysk *sward* komt dan regelmjittich oerien mei Skiermûntseager **swaidz*, en ûntstimming dêrfan smyt it hjoeddeiske *swaits* op. Dy hjoeddeiske foarm is dêrmei in

oanwizing foar de histoaryske gong fan saken, in tafallich oerbleaun fossyl dat sicht jout op wat der yn skiere tiden bard is.³

Merk op dat dizze analyze foarûnderstelt dat ús oergong *rd > dz* der west hawwe moat ear't de einûntstimming him yn it Skiermûntseagersk foardie. De feiten yn (9) wize dêr fansels ek al op. It pear *bes - bezzen* is bygelyks de logyske útkomst at op it oarspronklike *berd - berden* de oergong *rd > dz > z* earst it pear *bez - bezzen* opsmyt, en einûntstimming úteinliks ta *bes - bezzen* laat. By de omkearde folchoarder hiene we in hyptetysk tuskenstadium **bert - berden* hân, en dêrnei hie ús oergong **bets - bezzen* opsmitten. Dat is lykwols net neffens hoe't de útspraak yn it Skiermûntseagers der hinne leit.

At de oergong yndied west hat fan *rd > dz*, dan moat dy dêrnei noch folge wêze troch in twadde oergong *dz > z*. Dat dy net prinsypjeel ûnmooglik is, is bygelyks ôf te nimmen oan de útspraak [vəza.ɪn] foar *Wâldsein*, en de noardeastlike útspraakfariant *wjizze* foar *wurdze*. En der is fansels it bekende Fryske pear *lizze* en *sizze*, dy't yn it Aldfrysk noch *lidza* en *sidza* wiene (sjoch bygelyks Loopstra 1935, 13). Yn it Skiermûntseagersk komme se as *leze* en *seze* foar de hearen. De kloft *dz* is fierders ridlik seldsum, dat folle ûnôfhinklike evidinsje foar in oergong *dz > z* is der net. Mar we sjogge him ek yn *meswyk* [mɛzvɪk], it Skiermûntseager wurd foar 'woansdei', dat út *midswyk* komt.

Jout (9) in moai espeltsje wurden dy't de oergong *rd > (dz) > z* ûndergien hawwe, it is der net alhiel mei sein. De lûdferoaring hat noch folle spektakulêrder taslein by de tiidwurden. Lykas oeral yn it Frysk hat it Skiermûntseagersk ek twa klassen fan swakke tiidwurden, neffens de útgong fan 'e ynfinityf yn 'e omwanning wol de *e*-tiidwurden en de *je*-tiidwurden neamd. De *e*-tiidwurden foarmje har doetiid mei help fan in dintaalsuffiks. Nei in op in stimleas bylûd útgeande stam is dat *-te*, oars wurdt *-de* foar kar nommen. Dat hâldt dus yn, dat we nei in stam op in (stimhawwende) *r* de útgong *-de* krije. In *r* en in *d* komme dus sa byinoar. En yndied, wy sjogge yn dy gefallen ek in konsekvente oergong nei *z*. Om ien en oar te yllustrearjen jou ik hjir, yn in justjes oanpaste stavering, njonken inoar it doetiidsparadigma fan it tiidwurd *hiere*, dat yn it Skiermûntseagersk en it Lânfrysk fierders fierhinne gelyk is:

3. Der is ek in foarbyld dat de ûntjouwing krekt de oare kant út giet, dat is te sizzen dat in stimleaze kloft stimhawwend wurdt. Dat is it gefal by *lots* ('loarte'). Njonken de regelmjittige stimleaze fariant, dy't in meartal *lotse* hat, is der ek in stimhawwend *lodze*. Foar dy oergong haw ik spitiernôch gjin goede ferklearring.

(11) <i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
ik hieze	ik hierde
dò hiezeste	do hierdest
hy hieze	hy hierde
wy hiezen	wy hierden
jimme hiezen	jimme hierden
jà hiezen	hja hierden

De *e*-tiidwurden foarmje, lykas bekend, harren ôfslutend mulwurd ek wer mei in dintaalsuffiks, ûnder deselde fonologyske betingsten as by de doetiid. Stammen op in *r* krije dus in *d*. En hjir sjogge we op 'en nij de bekende oergong:

(12) <i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
(ik hew) hies	(ik haw) hierd

Foarsafier't ik besjen kin, hat de oergong yn it Skiermûntseagersk by *e*-tiidwurden mei in stam op *r* algemien west. Om in yndruk te jaan, de folgjende tiidwurden, mei tusken heakjes de Lânfryske wjergader, hawwe der oan meidien:

(13) <i>ferlôre</i> (ferlieze), <i>fiere</i> (fiere), <i>gebôre</i> (barre), <i>here</i> (hearre), <i>hiere</i> (hiere), <i>kere</i> (keare), <i>lere</i> (leare), <i>seure</i> (seure), <i>siere</i> (siere), <i>smôre</i> (smarre), <i>stjûere</i> (stjoere), <i>wôre</i> (warre).
--

Fremde tiidwurden fan Romaansk komôf op *-ere*, lykas *fylsetere* (filisitearre), slute har dêr ek by oan.

Dy lûdferoaring hie fansels wol in yngripende konsekwinse: de *e*-tiidwurden dy't tafallich in stam op in *r* hiene, begûnen der wol hiel oars út te sjen as har soartgenoaten mei in regelmjittich dintaalsuffiks. Yn foarmen as *hieze* en *hies* wie fan de bewende útgongen *-de* en *-d* net folle mear te fernimmen. Gjin niget dat de analogy, dy "foarmkrêft fan wûnder en gewelt",⁴ op begûn te spyljen om de boel dochs wer lyk te striken. Dat lykstriken barde lykwols mar foar in part. It kaam der op del dat de eilanners de dintaal *d* wer yn de nije foarmen begûnen te skowen, op sa'n wize dat dy

4. De karakterisearring is fan Tamminga (1963, 146). Mei tank oan Willem Visser foar it fynplak.

oerflakkich wol it uterlik krigen fan de oare swakke tiidwurden. It paradigma waard doe sa:

(14) ik hiezde
dò hiezdeste
hy hiezde
wy hiezden
jimme hiezden
jà hiezden

De frikatyf *z*, dy't it gefolch wie fan 'e histoaryske oergong, lieten se dus fleurich stean. Dat barde ek yn it mulwurd. Mei troch einûntstimming waard dat *hiesd*, fonetysk [hi.ɛst], mar yn bûgde foarm sjogge we krekt wat der ûnderlizzend oan te'n grûnslach leit: *it hiesde* [hi.ɛzde] *hús*.

Grappich genôch wie de analogywurking mei it ynfoegjen fan 'e *d* noch net hielendal ôfsletten. Troch de oergong *rd > z* ferdwûn de *r*, dy't dus diel útmakke fan 'e stam fan it tiidwurd, wylst yn oare tiidwurdsfoarmen dy *r* gewoan stean bleau. It Skiermûntseager staveringsysteem sa't dat ein fyftiger jierren ûntwurpen wie - sjoch Dijkstra & Fokkema (1958) en ek Fokkema (1969) -, stie op in frijwat fonetyske grûnslach, en skreau foar om de *r* net te skriuwen at er ek net útsprutsen waard. Dat hie lykwols al as neidiel dat op sa'n wize de stam soms min werom te kennen wie: de koadar koe sa ommers yn guon gefallen weifalle, en dan bleau der in rudimintêre stam *hie* oer. Dat joech safolle swierrichheden, dat de eilander *Taalplúech* by datsoarte tiidwurden dochs wer in <*r*> yn 'e stam werombrocht hat. Yn 'e beide resinte wurdboeken (Perdok 2001; Visser & Dyk 2002) is dy rêgeling ek oanhouden. De staving is dêrmei dus tsjintwurdich, mei ynbegryp fan in stamein *z* dy't neffens de konvinsje as *s* stavere wurdt:

(15) (ik) hiersde
(ik hew) hiersd

Útsprutsen wurdt dy staverings-*r* nea, mar it is al sa dat op sa'n wize yn 'e staving sawol de *r* as de *d* wer werom is, de lêste ek yn 'e útspraak.

Ofsletten mulwurden kinne ek as eigenskipswurd brûkt wurde, en guon hawwe ek wol foargoed de oerstap makke. Ik haw yn it *Wezenbúek* (Visser & Dyk 2002) fjouwer fan sokke leksikalisearre eigenskipswurden fûn dy't foar ús ûnderwerp fan belang binne. Ik jou hjir de notaasje sa't er yn dy boarne te finen is:

(16) <i>Skiermûntseagersk</i>	<i>Lânfrysk</i>
bedaaars(d)	bedoord
ferheersd	ferheard
ferkeers	ferkeard
geleers(d)	geleard

Dat *bedaaars(d)* in analoge *d* krigen hat, leit wol wat yn 'e reden, want it Skiermûntseagersk hat ek in gewoan tiidwurd *bedare*, mei in oerienkomstige betsjutting. Dat sa'n *d* der by *ferkeers* nea yn kaam is, is ek wol begryplik. It eilannersk hat wol in tiidwurd *ferkere*, mar dat betsjut krekt as syn Fryske en Nederlânske wjergader hiel wat oars, dat in ferbining mei dat tiidwurd leit net yn 'e reden. It wurd *geleers(d)* sit faaks wat tusken dy beiden yn. Immen dy't geleard is, hat fansels wol wat leard, mar de semantyske ferbysûndering is hjir no krekt dat sa'nien in hiel soad leard hat. Boppedat wiist it ûneigen foarheaksel *ge-* der op, dat de morfologyske bân mei it tiidwurd *lere* net sa streekrjocht hoecht te wêzen. Dat foarheaksel *ge-* wiist oan 'e oare kant wol op Hollânsk komôf, en at de Skiermûntseagers dat sels ek sa field hawwe, dan is ynfoegjen fan in *d* ek wer net sa hiele frjemd. Hoe behyplik oft ditsoarte ferklearrings oars binne bewiist it wurd *ferheersd*. Winliken hiene men dat dus sûnder *d* ferwachte. Yn *Hulde II* (Halbertsma 1827) komt dat oars ek yndied sa foar, dat eins hie dat wurd yn it *Wezzenbúek* as *ferheers(d)* opnommen wurde moatten.

Der is noch in gefal dêr't him analogy by opponearret. Dat is by it rangtelwurd *ffizze*, dat ek as *ffisde* foarkomt. Dit is alhiel neffens it patroan fan 'e oare rangtelwurden, dy't by in "stam" mei in einichst stimhawwend segmint ek mei in efterheaksel *-de* foarme wurde, lykas yn *twade*, *trede*, *saunde* en *njúegende*. It ynfoegjen fan in *d* is hjir dus ek net sa frjemd.

Oant no ta is noch neat sein oer de datearring fan ús lûdferoaring. Dat is ek net sa maklik, of it moast al wêze dat de oergong ridlik lang lyn syn beslach krige hawwe moat. Yn 'e âldste printe teksten, dy yn *Hulde II* (Halbertsma 1827), komt it ferskynsel al foar. Ik jou hjir in pear foarbylden yn 'e oantroffen stavering, mei yn 'e rjochter kolom de Lânfryske oersetting:

(17) *data út Hulde II (1827)*

<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
aitze	earte
barmheartsigheit	barmhertichheid
(mooi) kôrtsen	(mei) koarten

ferhears	ferheard
fuurs	fierde
herse	hurde
ierse	ierde
smars	smard
wers	wurd (v.)
wersen	wurden (v.)
werzen	wurden (s.)
woarsen	warden (v.)

Wat opfalt, is, dat de stomme *r*, útsein dan yn *aitze*, noch oeral kreas skreaun wurdt. Dat hoecht der oars net op te tsjuten dat er doe yn dy wurden op it Skiermûntseach ek wier sein waard. It kin likegoed sa wêze dat Halbertsma op etymologyske grûnen ornearre hat dat er der dochs mar yn moast. Yn syn Lânfryske teksten út dy tiid, yn *De Lapekoer fen Gabe Skroor* (1822 en 1829), wurdt de Fryske stomme *r* yn 'e stavering ek hiel ûngelikens behannele: soms is er der net, mar soms wurdt er ek al skreaun. Oard rint yn it each, dat de analogyske *d* him noch nearne opponearret. Dat suggerearret dat yn it begjin fan 'e njoggentjinde ieu de lûdoergong him al folslein trochset hat, mar dat de taal dan noch frij is fan analogywurking. Lykwols, sa moai leit it plaatsje der dochs net hielendal hinne. Der bestiet nammentlik noch in âldere tekst, in hanskraft út 1787 mei as titel *De walviskvangers*, noch út te jaan yn Breuker (te ferskinen). Dêrút haw ik optekene:

(18) *data út De walviskvangers (1787)*

leeverts	Ljouwert
beuurs	board
hesde	hurde (adj.)
hiesde	hierde
wirsde	wurde (= waard)

Net allinne is de *r* hjir al geregeldwei ferdwûn, mar opfallender noch is, dat de analogyske *d* (hjir sels yn 'e eigenskipswurdbûging!) him al hielendal trochset hat. Hoe't ien en oar krekt ynterpretearre wurde moat, is net alhiel dúdlik. Mooglik binne de teksten yn *Hulde II* troch de útjouwers, J.H. Halbertsma en R. Posthumus, standerdisearre en "distansjearre". Mar it kin ek wêze dat *Hulde II* yndied in earder taalstadium fertsjintwurdiget; yn syn yn-

hâldsopjefte jout Halbertsma alteast oan dat er it "uit de mond ener oude vrouw (...) opgevangen" hat. It tiidsferskil fan in lyts fjirtich jier tusken beide teksten is fansels ek net al te grut.⁵

Oan 'e oare kant moat opmurken wurde, dat de driuw ta analogy altyd oant op in hichte betreklik west hat. Sa brûke neffens it op 'e Fryske Akademy berêstende Skiermûntseager trochsneedapparaat skriuwers as Lammert Wiersma en Fope Schut yn 'e twadde helte fan 'e 20ste ieu noch altyd tiidwurden sûnder ynfoege *d*.

3. Analyze

Yn 'e foarige paragraaf is in beskriuwing jûn fan wat yn wat feroare, en wêr. De fraach nei it wêrom en it krekte hoe en het is lykwols noch net beândere. En dy feroaring raast wol om in ferklearring. At *r+t* yn *t+s* oergiet, dan suggerearret dat yn earste ynstânsje dat in *r* yn in *t* oergean soe, en tagelyk ek noch in *t* yn in *s*. De iene oergong is noch spektakulêrder as de oare. Halbertsma syn oplossing, dat der noch in âlde thorn bewarre wêze soe, kin, hoe oannimlik op it earste each dan ek, ûnderwilens wol fleurich nei de fodkoer ferwiisd wurde: de lûdferoaring binne domwei fierstentefolle wurden mei anneks dêr't histoarysk sa'n thorn folslein net fundearre is, we hoege allinne mar oan 'e *e*-tiidwurden te tinken.

Utsoarte opfallend oan 'e oergong fan *rd* en *rt* is, dat der yn beide gefallen in *r* yn it spul is. De *r* stiet foar de *t* en de *d*, en dat binne dintalen. No is ien fan 'e skaaimerken fan it Frysk, dat in *r* foar in dintaal delearret. It leit dus yn 'e reden dat it ferdwinen fan 'e *r* yn dizze posysje ek wat mei ús oergong te krijen hat.

Gelokkich is Halbertsma net de iennichste dy't him oer it ferskynsel bûgd hat. Yn 'e santiger jierren hat Markey, yn 'e tinkbondel foar Spenter, der ek omtinken oan jûn (Markey 1979). It oanbelangjende stik is letterlik ek te finen yn Markey (1981), syn monografy *Frisian*, en wol op side 178-180. Spitigernôch is de passaaasje dêr't it om draait, hiel slim te ynterpretearjen, sa kompakt is er opskreaun. Ik kin him hjir dan ek maklik hast yn syn hiele hear en fear oanhelje:

- (19) "On the surface, the shift *-rt* > *-ts* is a quantum leap, and it remains for us to explain this innovation. Particularly noteworthy here are derivations of 'four': *ffitsien* [fjɪtsjən] '14', *ffitsich* [fjɪtsɛx] '40', *ffisde* [fjɪz-

5. Neffens Breuker (1973, 26) binne de teksten yn *Hulde II* "net letter as 1825" optekene.

de] ~ *ffizze* [fjɪzə] '4th'. Cf. Sch. *ffitsien* and MWF *ffirtjin* [fjɪti,ʰən] '14', which seem to retain intermediary stages in the transition (...). With reference to *-rd*, we infer that the initial phase in the transition consisted in vocalization of the resonant in intervocalic clusters and concomitant palatalization of the dental, particularly before yod as shown by MWF '4' with *-ty-* (*-tj-*). Thereupon assibilation proper took place, yielding *-tsy-* as in Sch. '14'. Finally, yod-syneresis yielded *-ts-*, as in Sch. '40'. Thus, before yod or front vowels, Sch. *-rt-* > *-Vty-* underwent the same assibilation process as did *k* in these environments in mainland West Frisian, cf. OF *tsise*, MWF *tsiis*, and Sch. *tjiis*."

Tsjin dizze ferklearring binne ferskillende beswieren oan te fieren. Om te begjinnen makket Markey net dúdlik wat er krekt bedoelt mei "vocalization of the resonant". Hy sil hjir wol op it weifallen fan 'e *r* doele, mar dat barde fansels net allinne yn "intervocalic clusters". Hy springt ek wol hiel maklik fan *-rt* op *-rd* en wer werom. Om ta de kloft *ts* te kommen, sjocht er in parallel yn 'e assibilaasje fan *k* yn it iere Frysk. Dy barde foar in foarfokaal, dus ek foar in */i/*, dy't Markey spesjaal nei foaren hellet. Dy */i/* komt yndied foar yn it Skiermûntseager wurd foar 'fjirtjin'. Allinnich, wat moatte we oan mei al dy oare wurden dy't de oergong meimakke hawwe, en dy't allegearre net in */i/* nei *rd* of *rt* hân hawwe? It is dochs ûnmooglik hurd te meitsjen dat it proses yn it eilanner getal 'fjirtjin' begûn is, en him dêrútwei oer al dy oare foarkommens fan *rt* wreide hat? Lit stean oer de wurden mei *rd*, in kloft dy't net yn 'fjirtjin' foarkaam.

Al mei al liket it my sa ta dat men op 'en geunstichsten sizze kin, dat Markey earne in klok lieden heard hat, mar dat er de bingel net fûn hat. As er in *j* nedich hat om it feroaringsproses op gong te bringen, dan kin er min oankomme mei dat inkelde foarbyld fan it Skiermûntseager wurd foar 'fjirtjin'. Miskien hied er de bingel op it spoar kaam at er weet hân hie fan Van Ginneken (1935). Markey lit lykwols nearne skine dat er dy publikaasje koe, en dat leit ek wol wat yn 'e reden, want it boek *Ras en Taal* heart no ienris net ta de frisistyske kanon. Dochts hat it der de skyn fan dat Van Ginneken in oanset ta in ferklearring jout. Op side 130 lêze wy:

- (20) "Evenals in Oostbrabant en waarschijnlijk in Sittard treffen wij ook op Schiermonnikoog de gemouilleerde *r* aan, die den volgenden dentaal palataliseert of sibilantiseert. Zoo wordt na palatale vokalen: hart: via *her'ts* tot *hets*, *stêrt* via *ster'ts* tot *stets*, kort via *kor'ts* tot *kôts*, zwart:

swets, veertien: *fjetsiën*, veertig: *fjetsig*, erwt: *aitse*. Zoo wordt aarde via *iër'dze* tot *ieëze*, hoorde via *heer'dze* tot *heëze*, vierde via *vier'dze* tot *fiejeze*, hard via *her'ts* tot *hes*, worden via *wer'dzen* tot *wezn*, waardig via *wer'dzig* tot *wezzig*. Ook de *k* na *r* vertoont dezen invloed op Schiermonnikoog, Hindeloopen en Workum waar het Nwfri. *lurk* (leeuwerik) resp. tot *lots*, *lotse* en *lartse* is geworden.”

Yn dizze passazje stiet ek wer in soad dêr't wat op oan te merken is. Sa binne de data faak net krekt werjûn: *fjetsiën* en *fjetsig* binne mei in ferkearde fokaal stavere, *aitse* is in meartalsfoarm, *vier'dze* begjint fansels net mei in stimhawwende *v*, om fan 'e stavering *fiejeze* noch mar net te praten. Boppedat past Van Ginneken, grif omdat er op 'e doele brocht is troch de einichste stimleaze *s* fan *hes*, de ôflieding fan wurden mei *rt* ta op ien mei *rd*. En út Århammar (1984) wurdt dúdlik dat de assibilaasje fan *k* ta *ts* yn *lots* neat mei in mouillearre *r* te krijen hat, mar folle regelmjittiger ûnder ynfloed stiet fan in foarôfgeande *i* yn in eardere foarm **laiw(i)rikôn/*laiw(a)rikôn*.

It potinsjeel weardefolle fan Van Ginneken syn behanneling sit him lykwols yn syn neamen fan “de gemouilleerde *r*” as oarsaak fan 'e oergong. Dêrmei hâldt it lykwols ek wol sa'n bytsje op. Winliken komt er net iens folle fierder as Siebs (1889, 42), dy't nei oanlieding fan wat hy staveret as *sts* en *wz* it hat oer “assibillierung des *d* und *t* nach *r* bezw. *ts*, welche vermutlich durch mouillierung des *d*, *t* zu *d'*, *t'* herbeigeführt ist”. Van Ginneken, noch foar him nammers Siebs, jout net rjocht oan wêr't de mouillearring fan 'e *r*, dus de feroaring fan 'e *r* ta *j*, dan krekt weikomt. Op side 131 docht er wol in hiel brede suggestje: “In ieder geval is dit alles genoeg om voor het Friesch een geprononceerde Praeslavische mouillierungsrelatie te aanvaarden”. Hy suggerearret ek dat dy mouillearring bart nei “palatale vokalen”, mar dêr binne genôch foarbylden tsjin, lykas *potse*, *flôze*, *slozzich*, en ek it troch Van Ginneken sels neamde *kots*. Dat jout er op in stuit al in trema, sadat it liket dat we mei in “verumlautete” fokaal fan dwaan ha, mar dat trema bringt er oan neidat de oergong ta *ts* al west hat, en in notaasje *kōts* is boppedat ek net yn oerienstimming mei de werklike útspraak. Dat de “volgenden dentaal palataliseert of sibilantiseert” wurdt wol neamd, mar net hoe't soks krekt yn syn wurken gean moatte soe, en hoe't beide prosessen meiinoar te krijen ha. Boppedat bliuwt wat ymplisyt dat de *r* yn it hiele proses ferdwynt. Ut syn presintaasje moatte we wol konkludearje dat de *r* weiwurdt neidat de oergong ta *ts* c.q. *dz/z* al yn kalk en semint is.

Ik soe der dêrfoaroer no krekt op út wolle, dat dat weiwurden fan 'e *r* oan 'e oergong foarôf giet, of dat it der op syn minst in ûnderdiel fan is. It sil,

sa't we al útholden hawwe, yn alle gefal klearrichheid hawwe, dat in ferklearring net om de *r* hinne kin. It is hyltyd de kombinaasje fan in *r* mei in *d* of *t* dêr't wat mei te rêden is. No is it yn it westerlauwerske Frysk sa, dat in *r* foar in dintaal, en dus ek foar in *d* of in *t*, weifalt. In *r* is yn it Frysk in tongpunt-*r*, hy wurdt foarme troch de punt fan 'e tonge in kear as wat tsjin it ferwulft klappe te litten. Yn it Skiermûntseagersk is dat net oars, “de *r* is zonder uitzondering een getrilde puntmedeklinker”, sa't Eijkman (1925, 109) it omskriuwt. At de *r* oanstriid hat om te ferdwinen, dan soene we ús yntinke kinne dat it net ûnridlik is dat dat net yn ien kear bart. Der soe ek in tuskenstadium wêze kinne, yn dy sin dat de tonge net mear in kear as wat trillet, mar noch mar ien kear omhegen komt. Yn dat gefal soe men jin yntinke kinne dat der sokssawat as in *j* oerbliuwt.

Dat sa'n ûntjouwing yndied net ûnmooglik is, dat litte ús guon mingdialekten sjen. Van Ginneken (1935, 130) neamt foar it Harnzersk foar it wurd *hurde* “de zogenaamd verkorte vorm *ha'de*”, en fierders *ha't* (hert), *Ha'lingen* (Harns), *ka'nemelk* (sûpe), *ha'ses* (harsens), *pa'tsje* (partsje) en *ko't* (koart). Yn Duijff (1998) is der fan it ferskynsel oars neat wêrom te finen, wat der op wize kin dat it net al te opfallend is, of dat dizze útspraakfariant ûnderwilens ferdwûn is. It by it Skiermûntseagersk geografysk oanswettende Amelânsk lit it yn alle gefal wol dúdlik sjen. Oud (1987, XV) notearret alteast:

(21) “De *r* wordt overeenkomstig het Fries voor koronalen (*t*, *d*, *s*, *z*, *l*, *n*) niet uitgesproken; toch is er van de verdwenen *r* vaak nog iets ie-achtigs overgebleven (de erop volgende medeklinker wordt gepalataliseerd)”.

En foar it Bilts wurdt yn it *Woordeboek* (Buwalda, Buwalda & Van der Burg 1996, xviii) opmurken:

(22) “De skrevene *r* wort krekt as in 't Frysk foor [*d*], [*t*], [*s*], [*l*] en [*n*] niet útsproken (...). Toch is d'r fan die ferdwenene *r* in woorden met 'e klanken [*α*], [*α*.], [*ε*] en [*ε*:] nag 'n i-achtig naslachs overbleven (de d'r op volgende metklinker wort palataliseerd)”.

Koldijk (2004, 78) hat it ek oer in “i-naslagje (palatalisatie)”. Yn it Frysk sels skynt de *r*-deleesje al radikaal trochfierd te wêzen, mar ik soe net útslute wolle dat yn 'e Súdhoekster wurden [*haɪⁿs*] (Harns), [*wajⁿs*] (Warns) en [*möjⁿs*] (moarns) dochs noch in *j*-eftich restant oerbleaun is.

At foar it Skiermûntseagersk ek jilde soe dat der as resultaat fan it weiwurden fan 'e *r* wat *j*-eftichs oerbliuwt, dan soe men jin yndied yntinke kinne dat der yn it eilannersk wat soartgelikens west hat as yn it Lânfrysk, dêr't om rûchwei 1800 hinne tusken *t/d* en *j* in *s* c.q. *z* ynskood is. Njonken in soad oare plakken hat him dat bygelyks oppenearre yn 'e *je*-tiidwurden. It eardere *wachtje* is no *wachtsje*, en *wedje* is *wedzje* wurden. Markey, en mooglik ek Van Ginneken, en nei alle gedachten Siebs ek, moat sokssawat foar it Skiermûntseagersk ek op it each hân hawwe. En yndied, op sa'n wize soene yn teory de kombinaasjes *ts* en *dz* ûntstean kinne.

Tsjin sa'n analyze binne lykwols beswieren oan te fieren. Foarst soe ik neame wolle dat yn it Lânfrysk de *j* efter *t/d* stie, en hjir soe er, ûntstien út de *r*, der foar stean moatte. Mar yn it Lânfrysk is de sitewaasje sa dat at der wat *j*-eftichs foar in *t* of in *d* komt, en dat is it gefal by guon twilûden, dat wy op dy plakken nea *ts* of *dz* krije. In *geit* [ga.ɪt] wurdt, at we it idee fan ynfoeging strikt tapasse, dus net in **geist*, en de foarm **geits* komt ek net foar. En *reiden* [ra.ɪdɛn] wurde gjin **reizden* of **reidzen*. Mooglik is dit beswier fan 'e ferkearde folchoarder net essinsjeel, it is tinkt my net út te sluten dat *j* plus *t/d* ta in palatale ploffer gearrane, of dat der in omsetting folget. Likegoed woe ik it al even op it aljemint bringe.

Oard is it sa, dat yn it Lânfrysk nei de oergong *tj>tsj* en *dj>dzj* de *j* gewoan stean bleaun is. Yn it Skiermûntseagersk is der fan in *j* lykwols neat (mear) te fernimmen, dêr ha we gewoan de kombinaasjes *ts* en *dz*. Noch sterker, fan in *j*-eftich oerbliuwsel fan 'e *r* is yn it Skiermûntseagersk überhaupt neat te fernimmen, yn tsjinstelling mei bygelyks it Biltsk en it Amelânsk ek net foar de oare koronalen. Markey neamt wol it ferskynsel "yod-syneresis", dêr't er it weifallen fan 'e *j* mei bedoele sil, en hy neamt dêrby it Lânfryske wurd *tsiis*. Mar dêr hat dat weifallen net direkt wat mei in ûnderstelde ferienfâldiging *tsj>ts* te krijen. Der is yn it Lânfrysk gewoan in ûnôfhinklike regel dy't in *j* foar in hege foarfokaal ferbiedt, lykas te sjen is oan 'e útspraak fan it wurd *jier* [i.ɔr] of in wurd as *Sinees*.

Markey hie oars wol mei sterker foarbylden oankomme kind.⁶ Unôfhinklik fan dy *j*-deleesje foar /l/ besteane der ommers genôch foarbylden fan wurden mei in oarspronklike *k* dy't *ts* of *dz* sjen litte, dus sûnder *j*. Foarbylden binne *brutsen*, *wytsing*, *lyts*, *Rients*, *widze*. Wý meie mei Loopstra (1935) - al is dy der nea botte eksplisyt oer - oannimme dat de assibilearring, dus it ûntstean fan *s* of *z*, him foardien hat by in palatalisearre konsonant, en dat dêrnei pas de kondysjonearjende *j* weifoel. Dus wat platwei yn skema: *k*

6. Mei tank oan Jarich Hoekstra, dy't my hjir op wiisde.

> *tj* > *tsj* > *ts*. Yn en oan 'e ein fan it wurd - en dat binne ek de relevante posysjes fan it Skiermûntseager ferskynsel - hat him dy ferienfâldiging yn it Frysk yndied opfallende faak foardien. Lykwols, yn tsjinstelling mei it Skiermûntseagerske gefal is dêr soms noch wol ris in restant fan *j* te bespeuren. Ik neam bygelyks de plaknammen *Muntsjesyl* (njonken *muonts* mei folslein weifallen) en *Frjentsjer*, en in persoansnamme as *Rintsje* (njonken *Rinke* en *Rinze*). En neffens Brandsma (1936) hat Gysbert Japicx by tiidwurden as *la(e)tse*, *lo(a)ytse* en *meytse* ek altyd in fariant mei *j*. Mar noch ôfsjoen dêrfan, it giet by dy foarbylden om assibilearring fan in oarspronklike *k*. Lykwols, lykas al sein, by in palatalisearre *t* of *d* bliuwt yn it Frysk de *j* nei assibilaasje krekt wol altyd stean.

Op it tredde plak, sels yn 'e dialekten dêr't de ferdwinende *r* àl wat *j*-eftichs neilitten hat, dus it Amelânsk en it Biltsk, is neat te fernimmen fan in ynfoegjen fan in *s* of in *z* yn dy posysje. Op it Bilt binne hurde herten *harde harten*, neffens de rekonstruearre notaasje yn it *Woordeboek* [hɑ'də hɑ'tɛn]. En neffens de Amelanner stavering binne it *ha'de ha'tten*. Dat is dochs wol oars as de *hezze hetsen* op Skiermûntseach.

En fjirds, en miskien noch wol it wichtichste, it ynskowen fan in *s* of *z* tusken *t/d* en *j* binne yn it Skiermûntseagersk überhaupt gjin spoaren fan. De kombinaasje *tj* is dêr noch altyd *tj*, en datselde jildt foar de kombinaasje *dj*. It is apart dat noch Markey noch Van Ginneken dat net sjoen hawwe. Markey sels neamt ommers wol it Skiermûntseager wurd foar *tsiis*, mar dat is noch altyd *tjiis*. En ek al dy oare wurden dêr't it Lânfrysk *tsj* (of *ts*) hat, dêr lit it Skiermûntseagersk konsekwint *tj* sjen. Ik neam hjir, sûnder folslein te wêzen:

(23) <i>Skm. mei tj</i>	<i>Lânfrysk mei tsj</i>
tjail	tsjil
tjain	tsjen
tjark	tsjerke
tjattel	tsjettel
tjen	tsjerne
tjin	tsjin
tjinje	tsjinje
tjoster	tsjuster
tjûene	tsjoene
tjûer	tsjoar

Itselde patroan ha we foar de *j* by *je*-tiidwurden, bygelyks *metje* vs. *meitsje* en *latje* vs. *lotsje*. En at by *je*-tiidwurden de stam in *d* hat, dan wurdt der yn it eilannersk, yn tsjinstelling ta it Lânfrysk, ek gjin *z* ynfoege: *schodje* vs. *skodzje* en *wedje* vs. *wedzje*.


Uteinliks is it technysk net ûnmooglik om de Skiermûntseager feiten fia assibilearring ôf te lieden. Mar der moatte dan wol in pear net-bewiisbere oannamen ekstra by. We binne twongen om te ûnderstellen dat it in krekt ôfsteld proses west hat, dat inkeld foar de út in *r* ûntstiene *j* gefoelich west hat, en net foar de "gewoane", al besteande *j*. En we moatte oannimme dat de út in *r* ûntstiene *j* letter oer de hiele liny ferdwûn is, yn tsjinstelling ta wat der yn it Amelânsk en it Biltsk bard is. De assibilearringsanalyse hat dus in pear ferfelende kanten, en it soe de muoite wurdich wêze om te sykjen nei in analyze dy't dy beswieren net hat.

Om it yn oarrewi sykjen op gong te krijen kin it nuttich wêze om it resultaat fan 'e feroaring, de kombinaasje *ts* (en *dz*) earst ris neier te besjen. Sa't ik it hjir oant no ta opskreaun haw, binne dat twa segminten. Mar foar itselde soene se hiel goed as ien segmint beskôge wurde kinne. It soene dan affrikaten wêze. Analyze as ien segmint hat it grutte foardiel, dat by de feroaring ien segmint (*t* of *d*) oergiet yn mar ien segmint (meast notearre as */t^s/* en */d^z/*).

Wat is in affrikaat? Fonetyk binne affrikaten ploffers. De tonge wurdt nei de ôfsluting lykwols net hommels loslitten, mar der ûntsnapt noch lucht troch in nauwe trochgong. Se hawwe dan ek in frikatyfeftige neislach. Wat hjir ek fan belang is, is, dat affrikaten dêrmei in justjes langere doer hawwe sille. At we ús even beheine ta de stimleaze fariant, de affrikaat dy't yn ús gefal it meast yn 'e beneaming komt om foarme te wurden, is de */t^s/*, omdat dy deselde alveolêre plakskaaaimerken hat as de oarspronklike *t*. It is itselde lûd dat we hawwe yn bygelyks it Dútsk, yn wurden as *Zahn* en *Zeit*. Soe it blêd fan 'e tonge mear yn 'e foarming behelle west ha, dan hiene we de affrikaat [*t^s*] hân, as yn it Ingelske *church* (Ball & Rahilly (1999, 69-70). Dy affrikaat leit dus ek noch justjes mear nei efteren. De kloft *tsj* hie dus ek as affrikaat te ynterpretearjen west. Dat er net ûntstien is, is dêrmei in oanwizing dat der yn it Skiermûntseagersk troch *r*-deleesje gjin *j* foarme wêze kin.

Affrikaten binne dus komplekse segminten. Fonologysk wurde se dêrom as fertûkjend represintearre. Skematysk, mei weilitten fan 'e hjir net relevante boppebou, krije we dan sokssawat as:

(24)



De krekte represintaasje hat yn 'e literatuer allegearre diskusje opsmiten, sjoch bygelyks Van de Weijer (1996) en Kehrein (2002). Sa wurdt de lofter tûke ek wol mei [stop] oantsjuten, en de rjochter mei [strident]. Wêr't it hjir lykwols om giet, is, dat affrikaten hoe dan ek it skaaimerck [+kontinuant] ynha. Chomsky & Halle (1968, 317) omskriuwe dat skaaimerck as: "In the production of continuant sounds, the primary constriction of the vowel tract is not narrowed to the point where the flow past the constriction is blocked". Dy definysje slút nasalen út, mar yn 'e literatuer is der ek wol diskusje om nasalen ek as kontinuant te sjen; de klam komt dan wat mear te lizzen op it oanhâlden fan it spraaksynjaal, as wiere tsjinstelling ta ploffers. Ik sil hjirby de brede opfetting fan kontinuant folgje.

No is it sjesa gelegen, dat it segmint *r* ek kontinuant is. Wy soene der fan útgean kinne, dat it mooglik is, dat by it ferdwinen fan 'e *r* dat skaaimerck oerbliuwe kin. Soks soe dus in minder fiergeande stap betsjutte as in folsleine deleesje. De *r* soe it skaaimerck [+kontinuant] trochjaan kinne oan 'e neikommende koronaal. De minimale feroaring by de opfolgjende *t* is dan, dat dy feroaret yn in affrikaat */t^s/*. Foar de stimhawwende *d* wurdt dat dan */d^z/*. De meast resinte ynsichten oer affrikaten binne wol, dat dat noch altyd ploffers binne, sjoch bygelyks Kehrein (2002), Rubach (1994), Hinskens & van de Weijer (2003), mar ek al Jakobson, Fant & Halle (1952). Dat skaaimerck fan 'e oarspronklike *t/d* hoecht dus net te feroarjen.

It is bekend dat yn it Frysk de *r* foar alle koronalen delearret, dus ek foar *s*, *z*, *l* en *n*. Om de feroaring yn it Skiermûntseagersk sa algemien mooglik te beskriuwen, soene we oannimme kinne dat it trochjaan fan it skaaimerck dêr ek wol wurke hat, mar dat it effekt fakueus wie, omdat dy oare koronalen fan harsels al it skaaimerck [+kontinuant] ynha.⁷ Dat *s*, *z*, *l* en *n* net feroarje is dus net yn striid mei in affrikaasjeanalyse. Mei in assibilaasjeanalyse à la Markey en Van Ginneken binne dy ûnferoare lûden dêrfoaroer krekt net yn

7. Dit by de troch my oannommen "brede" definysje fan it skaaimerck. Oars sil der foar de *n* wat oars betocht wurde moatte.

oerienstimming, omdat se dan palatalisearre wêze moatten hiene, lykas yn it Amelânsk en it Biltsk al it gefal is.

It ferskynsel sa't him dat yn it Skiermûntseagersk oppenearret, soe dus opfette wurde kinne as in ynstânsje fan wat yn 'e literatuer wol "continuant spread" neamd wurdt. Howe (2005, 70) jout bygelyks foarbylden út it Spaansk, dêr't ploffers ta rûzers wurde kinne nei kontinuanten, ek nei *r*. Sa wurdt *carbón* útsprutsen as [karβon] en *mar gruesa* as [maryruesa]. Van de Weijer (1996, 129-133) behannelet in pear oare gefallen fan kontinuantesprieding wat tichter by hûs. Hy neamt de Nederlânske begjinkloft *sch-* [sx], dêr't de eardere *k* yn *sk* in frikatyf wurden is. Tafallich hat it Skiermûntseagersk ek deselde begjinkloft as dy yn it Nederlânsk, dus ôfwikend fan it Lânfrysk. En noch opfallender, de thorns yn it Ingelske *weather*, *leather*, *father* ensfh. soene neffens Van de Weijer sa ûntstien wêze út in eardere *d* ûnder ynfloed fan 'e *r* fierderop. By al dizze foarbylden moat oars al opmurken wurde, dat de kontinuant oansetter noch altyd oan it oerflak oanwêzich is. Yn it Skiermûntseagersk ferdwynt er krekt. Wat dat oangiet liket it Skiermûntseager ferskynsel wol wat op nasalearring. Dêrby ferdwynt in nasale konsonant, mar jout er syn skaaimerke [+nasaal] oer oan in oangrinzgjende fokaal. Hjir delearret in kontinuant konsonant, en dy jout syn skaaimerke [+kontinuant] oer oan 'e oanswettende konsonant.

It is oars net ûnmooglik dat de sa ûntstiene affrikaten al gauweftich útinoarfallen binne; sjoch ek Visser (1997, 106-108), dy't syngroan foar it Lânfrysk foar *ts* in bisegmintele oplossing foarstiet. It Skiermûntseagersk hat oars ek gjin affrikaten. De ferienfâldiging fan *dz* ta *z* soe dêrmei as in soarte fan assimilaasje opfette wurde kinne.⁸ Lykwols, Ladefoged & Maddieson (1996) konstatearje op statistyske grûnen dat stimhawwende affrikaten yn 'e talen fan 'e wrâld aardich seldsumer binne as stimleaze, dat der kin ek wat oars efter sitte.

Hoe't dat fierders ek sitte mei, de hjir presintearre alternative analyze hat in pear foardielen boppe de tradysjonele assibillarringshypoteze. Hy hat der gjin muoite mei dat wy yn it Skiermûntseagersk neat mear wat fernimme fan in *j* of fan palatalisearre bylûden, want sa'n *j* soe der ek nea west ha. Hy ferklearret ek fuortdaliks wêrom oft yn 'e tradysjonele ferbining tusken *t/d* en *j* yn it Skiermûntseagersk nea in *s* of *z* ynskood is: it Skiermûntseagersk mist domwei de oanbelangjende ynfoegingsregel. En as er wier in alternatyf

8. In foarbyld fan ferienfâldiging fan in affrikaat is ek te finen yn it Dútsk, dêr't *pf* nei *l* algemien en oars ek wol ta in *f* wurden is, dus ek mei behâld fan it frikatyfpert. Foarbylden binne de tiidwurden *helfen* en *hoffen* (Hock 1986, 440).

is foar de tradysjonele assibillarringsanalyze, dan is dat der ek in ferklearring foar dat it Amelânsk en it Biltsk net in soartgelikens proses meimakke ha as it Skiermûntseagersk. Der is oars fan myn alternative analyze ek wol in neidiel te neamen: better net te witten is affrikaasje as gefolch fan kompinsearjende ferlinging ridlik unyk. Dat makket it gefal oan 'e iene kant ta in nijsgjirrich ferskynsel, mar it soe tagelyk in reden wêze kinne om der krekt dêrom in skalk each op te hawwen.

Noch ien opmerking ta beslút. As byprodukt fan 'e behanneling hat dizze paragraaf dochs ek wol wat in mear nuansearre ljocht smite litten op it proses fan *r*-deleesje op himsels. Hoewol't yn it Frysk en syn mingdialekten der in algemiene tendins west hat ta it weifallen fan 'e *r* foar dintalen, koe dat dus wol op ferskillende wizen syn útfallen ha. It meast simpel wie it, om de *r* folslein ferdwine te litten. Soks barde op grutte skaal yn it Lânfrysk en yn de measte mingdialekten. Der koe fan 'e *r* lykwols ek wat oerbliuwe. Yn it Biltsk en it Amelânsk bleau der wat *j*-eftichs oer, en dat soarge foar palatalisaasje fan 'e dintaal dêrnei.⁹ Mar der is mear. De Boer (1950, 104) seit foar it Hylpers: "na pal[atale] voc[alen] is er van die uitgevallen *r* een klank achtergebleven die de *ɔ* nadert". Bloemhoff (2004, 63-64) neamt foar it Stellingwerfsk nei koarte lûden in "retroflexe" útspraak fan *t*, *d*, *s*, *z* en *n*, en nei lange lûden in "sterk gereduceerde tongpunt-*r*". En yn it Skiermûntseagersk bleau dus inkeld it skaaimerke [kontinuant] bewarre, en dat feroarsake affrikaasje fan 'e ploffers *t* en *d*. It dialekt liket dêr ridlik unyk yn west te hawwen.

4. *Utsûnderings*

It is net sa dat de lûdsoergong folslein west hat, der binne gâns útsûnderings. Yn dizze paragraaf woe ik dy bylâns gean, en sa mooglik besykje om in ferklearring te jaan foar it oergean foar de feroaring, ek al falt it net ta om dêr altyd wat plausibels foar te betinken.

Ien wichtige kategory útsûnderings wurdt foarme troch itselde skift swakke *e*-tiidwurden mei in stam op *r* dat yn 'e doetiid en yn it mulwulwurde him noch sa kreas oan 'e regel hold. Yn 'e notiid komme dyselde tiidwurden yn 'e tredde persoan iental mei har *r* foar in útgong *-t* te stean, dus as yn *hy hiert* ensfh. Men hie dan ferwachte dat dat foarmen as *hy *hiets* opsmiten hie. Soks is lykwols nea en te ninter it gefal. Hoe kin dat?

9. Inseide opstrewaasje docht Van Bezooijen (2006) foar it Ljouwertersk. Ik haw dy publikaasje lykwols fierder net mear meinimme kinnen.

Nei alle gedachten moat dêrfoar nei in funksjonele ferklearring socht wurde. Yn in hiptetyske foarm as **hiets* is de útgong *-t* net mear werom te kennen, en dêrmei krije dus ek de skaaimerken foar persoan en tal gjin útdrukking mear. Merk op, dat it by de doetiid en it mulwurd net sa radikaal om en ta giet. Yn foarmen as *hieze*, *hiezeste* en *hiezen* is noch in part fan 'e doetiidsútgong bewarre bleaun, nammentlik de sjwa fan 'e respektyflike útgongen *-de*, *-deste* en *-den*. Dêrmei binne dy doetiidssuffiksen noch altyd prinsypjeel werom te kennen. Yn 'e mulwurdsfoarm *hiez*, of mei einûntstimming *hies*, leit dat oars, dêr is de útgong *-d* yn it oarspronklike *hierd* wol alhiel ferdwûn. Lykwols, in ramp is dat ek wer net. Mei in ôfslutend mulwurd is ommers altyd in helptiidwurd anneks, lykas yn *het hies* (hat hierd), *is hies* (is hierd) en *wedt hies* (wurdt hierd). Dat helptiidwurd moat genôch west ha om dy aparte foarm as mulwurd transparant te hâlden.

Hoewol't dizze riddenearring aardich plausibel liket, soe der tsjin ynlein wurde kinne, dat it hielendal net sa needsaaklik is dat dy útgong *-t* ek wier ta útdrukking komt. Ommers, de tiidwurden fan 'e eardere preterito-presentia ha yn 'e tredde persoan notiid ek gjin *-t*. Yndied is it ek yn it Skiermûntseagersk gewoan *hy wil*, *hy kin* en *hy mei*. No is dat in lytse sletten klasse fan tiidwurden, dy't ek wol oare eigenaardichheden sjen lit. Folle serieuzer liket dêrom dat it Skiermûntseagersk ek it eigenaardige ferskynsel hat dat yn dy oare klasse fan swakke tiidwurden, dy mei de ynfinityf op *-je*, dy *-t* ek systematysk net yn it paradigma opnommen is. It iental notiid fan it tiidwurd *werkje* ('wurkje') giet bygelyks sa:

- (25) ik werkje
dò werkeste
hy werke

Hoewol't mei it ûntbrekken fan dy *-t* it ferskil mei de doetiid ek weifalt, hâlde sokke tiidwurden lykwols noch wol in útgong *-e* oer, dy't dúdlik de tredde persoan markearret. Boppedat is der it ferskil, dat de *-t* hjir binnen de hiele klasse ûntbrekt, wylst it by de klasse mei de ynfinityf op *-e* mar tafallich om dy tiidwurden gean soe dy't in stam ha dy't op in *r* einiget.

In soartgelikense ferklearring as foar de notiid fan 'e *e*-tiidwurden soe oanhouden wurde kinne foar bynwurden as *eer't* (ear't) en *feur't* (foar't) en in betreklik bywurd as *dêr't*. Dy feroarje nea yn **eats*, **feuts* en **dêts*. De bynwurdlike 't liket de funksje te hawwen dat er it ûnderskikte karakter fan 'e troch dy wurden ynlate bysin oanjout, en men soe oannimme kinne dat er

om dy reden oan it oerflak bliuwe moat. It is lykwols ek mooglik dat it behâld fan 'e bynwurdlike 't in folle simpeler oarsaak hat. It hat der nammentlik de skyn fan dat de 't yn it Skiermûntseagersk in frij let ferskynsel west hat, faaks te let om noch troch ús lûdsoergong oanpakt te wurden.

Fan 'e oare resistinte wurden jouw ik no earst in oersjoch. We begjinne mei wurden mei *rt*:

(26) *rt bliuwt rt*

<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
akkeurt	akkoart
apart	apart
beurt	beurt
dôtich	tritich
gebeurte	ferl. Ned. <i>geboorte</i>
fut	fuort
got	grut
húndert	húndert
hert	hart (it bist)
kaart	kaart
kefat	kefert
keurs	koarts
maat	maat
part	part
schetlik	skelk
seurt	soarte
snert	snert
start	start
súertjen	suertsje
sukeratjen	sûkereart
taart	taart
tôrt	'opdroege kowedong tsjinjend ta branje'
twydattel	ferl. Ned. <i>dartel</i>
wettel	woartel

Ear't ik ta in besprek oergean, jou ik ek fuortdaliks de útsûnderings mei *rd*:

(27) rd bliuwt rd

<i>Skierm.</i>	<i>Lânfrysk</i>
aard	aard
antweurd	antwurd
butjen	boardsje, 'kraach'
fermaard	ferl. Ned. <i>vermaard</i>
eurdeel	oardiel
hed	hurd (s., Ned. <i>haard</i>)
iepel	ierpel
keure	koarde
meurd	moard
meurdje/meurje/	moardzje
meurenje	
nood	noard
pareblom	ferl. Ned. <i>paardebloem</i>
parepyster	lampepûster, 'útbloeide hynstebloom'
útfaardigje	útfurdigje, ferl. Ned. <i>uitvaardigen</i>
(hy) wedt	(hy) wurdt

Alles meiïnoar binne der dus nochal wat wurden dy't de oergong net meimake hawwe. At we ferlykje mei de steatsjes yn (6) en (9), dan komt it der rûchwei op del dat mar de helte fan 'e potinsjele wurden meidien hat.

Wat falt der fan dy wegereftigens te sizzen? Wat opfalt, is, dat der in stikmannich stammen by sitte dy't yn in keale foarm wol kreas oan 'e regel meidogge. It giet om *schetlik*, *sukeratjen* en *iepel*, mei dêrfoar der dus *schetse*, *aits* en *ieze*. Mooglik is de oergong opkeard omdat *rt* en *rd* hjir foar in oare konsonant kamen te stean, sadat der in frijwat komplekse kloft ûntstie. Sokke wurden as *súertjen*, *butjen*, en *meurdje* dogge ommers ek net mei. Faaks dat (hy) *wedt* dêr ek noch by heart, al kin dêr faaks ek al sa goed deselde funksjonele ferklearring as dy foar **hy hiets* foar tepas brocht wurde. Even der fan útgeande dat de affrikaten frij fluch útinoarfallen binne yn twa losse segminten, soene we riddeneare kinne dat yn dizze gefallen de foarkar jûn is oan 'e gewoane *r*-deleesje, omdat dy in konsonant minder opsmiet. Sa hat, om in foarbyld te nimmen, *schetlik* maar twa konsonanten efterinoar, en it hyptetyske **schetslik* trije. In tsjinfoarbyld liket dan *kaazje*, dat by de oergong *rd>dz* earst ta **kaadzje* wurden wêze moat, ek mei trije konsonanten. Mar dat tiidwurd hie yn syn paradigma ek genôch foarmen sûnder *j*, dat hjir wie de opheapping fan konsonanten faaks minder dramatysk.

At wy fierder oannimme dat it ferskynsel fan 'e syllabisearring ek al ridlik ier yn it Skiermûntseagersk wurke hat,¹⁰ soene der mooglik noch mear wurden yn it berik fan boppesteande riddenearring komme kinne. It giet dan om *twydattel* en *wettel*, en mooglik ek om *hûndert* en *meurenje*. Yn bygelyks *wettel* soe troch it weifallen fan 'e sjwa de einichste *l* oan 'e *t* komme te grinzgjen, wat nei de oergong ek wer in potinsjele kloft fan trije konsonanten opsmite soe: **wetsl*.¹¹

Wat fierders ek opfalt, is dat by de wegereftige wurden frijwat lienwurden út it Nederlânsk sitte. It kin wêze dat de eilanners de bân mei dat komôf net slûpe litte wollen hawwe, c.q. dat de Nederlânske ynfloed trochwurke hat en in radikale omsetting fan 'e konsonantkloft opkeard hat. Wat fonetysk faaks ek noch wol sa wichtich is, is dat oant hjoeddedei ta de eilanners krekt yn in soad fan dizze wurden de *r* noch bewarre hawwe, of der net wis fan binne oft se de *r* yn dizze wurden wol delearje. Soks komt ek út yn 'e stavering, dêr't de *r* hiel faak noch oanwêzich is. Dizze oanwizing jildt nammers net foar it teken <eu>, omdat in staveringskonvinsje foarskriuwt dat der altyd in *r* skreaun wurdt at it by dit teken om in sintralisearjend twilûd giet, soks om bygelyks *beut* ('boat', mei in lang ienlûd) en *beurt* ('bar', mei in twilûd) útinoar hâlde te kinnen. Yn alle gefallen, as it sa is dat de *r* yn sokke wurden net delearre, dan kin der fansels ek gjin affrikaasje west ha. De wurden op *-rt* dy't yn dit ferbân yn 'e beneaming komme, binne:

(28) potinsjele lienwurden út it Nederlânsk mei -rt

akkeurt, *apart*, *beurt*, *dôtich* (mei in ûnfryske Anlaut), *gebeurte* (mei it ûneigen foarheaksel *ge-*), *hert* (it bist komt op it eilân net foar, mar it opkearen fan homonymy mei *hets* 'rikketik' kin ek in rolle spile ha), *kaart*, *kefat*, *maart*, *part*, *snert* (wurdt yn it Lânfrysk ek mei in *r* útsprutsen), *start* (idem), *taart*.

It wurd *tôrt* (opdroege kowedong) slút faaks oan by *taart*. It wurd *keurs* 'koarts' hat mooglik syn einkloft al yn in ier stadium ferienfâldige troch de *t*

10. Van der Kuip (1987, 37-38) jout oanwizings dat syllabisearring yn it Lânfrysk yn 'e Midfryske tiid al aktyf wie.

11. In swak punt yn 'e riddenearring is lichtwol dat de kloft opbrutsen wurdt fan in syllabegrens. Likegoed bliuwt it opfallend dat it type kloft net foarkomt yn 'e oantoanbere gefallen fan affrikaasje lykas sammele yn (6) en (9). Der is ien útsûndering, *fjizzer*, mar dat hat troch de ferienfâldiging *dz>z* ek mar in kloft fan twa. Ek mei troch de lytse oantallen kin dizze ferklearring lykwols net oars as tige spekulatyf wêze.

falle te litten, en kaam doe útsoarte net mear yn 'e beneaming om affrikaasje te ûndergean. Mooglik moatte we *seurt* 'soart(e)' ek wol as in lienwurd beskôgje, it is yn alle gefal fan Romaansk komôf. Fan 'e samling yn (26) bliuwe dan noch oer *fut* 'fuort' en ek *got* 'grut'. Dat eilanner wurd foar 'grut' is wat in pitertuerlik gefal. Spenter (1968, 137) beskôget it as in lienwurd, út Nederlânsk of Nederdútsk *groot*. Mei in ferkoarting yn 'e fergrutsjende of oertreffende trime dy't oersloech nei it grûnwurd soe dat **grot* opsmiten ha. Metatesis, dat yn dit wurd nammers ek yn 'e Noardfryske dialekten fan Sylt en Hilgelân foarkomt, jout dan **gort*. Dêrnei nimt Spenter in - útsoarte iere - "Schwund des r" oan, krekt fanwegen it feit dat in foarm **gots* net oerlevere is. Sa'n iere *r*-deleesje is net op ûnôfhinklike grûnen te bewizen, mar at der yndied in iere deleesje west hat, dan hat it wurd *fut* 'fuort' dêr mooglik ek it slachtoffer fan west. Beide wurden binne yn alle gefal heech-frekwint.

Mei de kloft *-rd* binne der ek in stikmannich wurden dy't gjin affrikaasje ûndergien hawwe omdat se mooglik út it Nederlânsk komme:

(29) *potinsjele lienwurden út it Nederlânsk mei -rd*

antweurd (ferlykje it wurd *wes!*), *fermaard*, *eurdeel* (mar hjir stiet de *d* ek oan it begjin fan in beklamme syllabe, en dat smyt oars ek gjin affrikaasje op), *pareblom/parepyster* (it eilanner wurd foar Nederlânsk 'paard' is *hynjer*), *útfaardigje*.

By de samling wurden op *-rd* fan (27) bliuwe dan in stikmannich oer dy't noch om in oare ferklearring freegje. Yn twa gefallen soe eangstme foar homonymy meispylje kinne. Dat is by *aard*, dat nei affrikaasje gelyk wurden wie oan *aas* ('platte bak'), en it haadwurd *hed* ('hurd') wie kwa útspraak gelyk wurden oan it eigenskipswurd *hes* ('hurd'). It wurd *nood* ('noard') is gjin lienwurd, mar mooglik dat de eilanner seefarders net te folle ôfwike woene fan de foarm dy't ynternasjonaal gongber wie. De tsjinhinger *súd* einiget nammers ek op in *-d*. De foarm fan besibbe wurden spilet faaks noch sterker by *meurd* 'moard', dat as ferbale ôfliedings *meurje* en *meurenje* hat, beide mei behâld fan 'e *r*. De foarm *keure* ('koarde') soe it meast plausibel ferklearre wurde kinne as in gefal fan *d*-rotasisme (sjoch Veenstra 1989), in ferskynsel dat yn it Skiermûntseagersk nammers navenant frij faak foarkomt. Mar dan moatte we al oannimme dat de *d* hjir yn in ier-stadium ta in *r* feroare is. En dan is der noch de tredde persoan notiid (*hy*) *wedt* fan it tiidwurd

wezze ('wurde'). Dêr mei men fan oannimme dat de stam *-d* gearfallen is mei de útgong *-t* ta [t]. De potinsjele kloft *-rd* ferfoel dêrnei, en dêrnei sil de foarm him oansletten ha by dy fan 'e tredde persoan notiid fan 'e *e*-tiidwurden mei in stam op *-r*, dy't ek gjin affrikaasje talieten.

We sjogge dus dat der ferskate ferklearringsgrûnen ynroppen wurde kinne om oannimlik te meitsjen wêrom oft rûchwei de helte fan 'e potinsjele kandidaten net meidien hat oan 'e affrikaasje. Guon hiene te krijen mei in minder winsklike output fan 'e oergong, lykas it ferlern gean fan grammatikale ynformaasje by de tredde persoan notiid fan 'e *e*-tiidwurden. It tsjingean fan it ûntstean fan homonimen kin dêr ek ûnder beflapt wurde. Yn oare gefallen is der gjin gaadlike input foar de affrikaasje. Dat hat te krijen mei de *r*, dy't ôf yn in ier stadium al ferdwûn is, ôf sa't it liket net ferdwine mei, lykas yn 'e lienwurden. By de lêsten sil nammers in ûnakseptabele output ek wer meispile ha.

5. Gearfetting

Yn dit artikel ha wy in opfallende klankferoaring yn it Skiermûntseagersk by de kop hân. Dy feroaring wie guon eardere ûndersikers net hielendal ûntkommen, mar folle omtinken hawwe se der dochs ek net oan jûn. Sa wie der oant no ta gjin wiidweidige beskriuwing fan hoe fier oft it ferskynsel him krekt wreide hat. Ik hoopje dat paragraaf 2 no yn dat ferlet foarsjoen hat. De eardere ferklearrings fan it ferskynsel wiene ek net befredigjend, sa't ik sjen litten haw. Halbertsma syn hypteze fan in eardere thorn kin der útsoarte net op troch, mar Markey syn ferklearring yn termen fan palatalisaasje en assibilaasje hat ek beswieren. Ik haw der hjir foar pleite om it ferskynsel te begripen as in foarm fan affrikaasje. It skaaimerke [kontinuant] fan 'e ferdwinnende *r* wurdt dêrby oerdroegen op de neikommende *t* en *d*. Dat dy affrikaasje safolle útsûnderings hawwe kin, is oannimlik makke yn paragraaf 4.

Fryske Akademy

Ljouwert

BIBLIOGRAFY

- Århammar, N. (1984), 'Die Lerche (Alauda) im Friesischen: ein Beitrag zum Atlas Linguarum Europae. Über Inlautassibilierung, unregelmäßige Lautentwicklung und "Lehnlautungen"'. Yn: N.R. Århammar e.o. (útj.), *Miscellanea Frisica. In nije bondel Fryske stúdzjes*. Assen, Van Gorcum, 137-152.
- Ball, M.J. & J. Rahilly (1999), *Phonetics. The science of speech*. London, Arnold.
- Bezooijen, R. van (2006), *Het raadsel van de ratelaar. Rondom de r in het Leewarders en het Fries*. Ljouwert / Leeuwarden (2006), Fryske Akademy.
- Bloemhoff, H. (2004), *Stellingwarfs Woordeboek. I. Berkoop / Oldeberkoop*, Stichting Stellingwarver Schrieversronte.
- Boer, B. de (1950), *Studie over het dialect van Hindeloopen*. Assen, Van Gorcum.
- Brandsma, W.L. (1936), *Het werkwoord bij Gysbert Japicx*. Assen, Van Gorcum.
- Breuker, P. (1973), *J.H. Halbertsma, Gysbert Japicx en de Fryske dialekten*. Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy.
- Breuker, Ph.H. (te ferskinen), [Estrik mei neiswile Midfryske teksten]. Grins en Ljouwert, Frysk Ynstitút en Fryske Akademy.
- Buma, W.J. (1959), 'Wurdsneuperijen 17. Aed', *Us Wurk* 8, 45-48.
- Buwalda, H.S, S.H. Buwalda & A.C.B. van der Burg (1996), *Woordeboek fan 't Bildts*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Chomsky, N. & M. Halle (1968), *The sound pattern of English*. New York, Evanston & London, Harper & Row.
- Dellen, S. van & T.B. Hoekema (útj.) (1999), *J.H. Halbertsma, Lexicon Frisicum B*. Grins, Stichting Freonen Frysk Ynstitút RUG.
- Dijkstra, F. & D. Fokkema Sr. (1958), *Spellingsvoorstel voor het Schiermonnikoogs*. Leeuwarden, Fedde Dijkstra.
- Duijff, P. (1998), *Wurdlisten fan 'e Fryske stedsdialekten*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Eijkman, L.P.H. (1925), *Phonetische beschrijving van de klanken der Schiermonnikoogsche taal*. Amsterdam (1925), Verhandelingen der Koninklijke Akademie van Wetenschappen te Amsterdam, afdeeling letterkunde, nieuwe reeks, deel 25, no. 1.
- Fokkema, D. (1969), *Beknopte spraakkunst voor het Schiermonnikoogs*². Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy.
- Fokkema, K. (1959), 'In taheakke by aed', *Us Wurk* 8, 70.
- Ginneken, J. van (1935), *Ras en Taal*. Amsterdam, Verhandelingen der Koninklijke Akademie van Wetenschappen te Amsterdam, Afdeeling Letterkunde, Nieuwe Reeks, deel XXXVI.
- Halbertsma, J.H. (1827), *Hulde aan Gysbert Japiks*. Leeuwarden, H.C. Schetsberg.
- Hinskens, F. & J. van de Weijer (2003), 'Patterns of segmental modification in consonant inventories: a cross-linguistic study', *Linguistics* 41, 1041-1084.
- Hock, H.H. (1986), *Principles of Historical Linguistics*. Berlin ensfh., Mouton de Gruyter.
- Holthausen, F./Hofmann D. (1925/1985²), *Altfriesisches Wörterbuch*. Heidelberg, Carl Winter.
- Howe, D. (2005), *Articulator Theory*. University of Calgary. <http://www.fp.ualgary.ca/howed/SegmentalPhonology.pdf>.
- Jakobson, R., G. Fant & M. Halle (1952), *Preliminaries to speech analysis*. Cambridge, Mass., MIT Press.
- Kehrein, W. (2002), *Phonological representation and phonetic phasing*. Tübingen, Niemeyer.
- Koldijk, J.D. (2004), *Het Bildts, zijn wezen, herkomst en problematiek*. Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy.
- Kuip, F. van der (1987), 'Utspraken oer en waarnimmingsen fan syllabisearring fan ±1850 ôf', *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 3, 37-53.
- Ladefoged, P. & I. Maddieson (1996), *The sounds of the world's languages*. Oxford, Blackwell.
- Loopstra, J.J. (1935), *De assiblatie in de Oudfriese oorkonden*. Haarlem, H.D. Tjeenk Willink.
- Markey, T.L. (1979), 'A distinction for Schiermonnikoog (-rt > -ts; -rd > -s)'. Yn: N. Århammar & T. Hoekema (útj.), *Scripta Frisica. Tinkbondel foar Arne Spenter (1926-1977)*. Grins, Frysk Ynstitút [= *Us Wurk* 28 (1979)], 137-138.
- Markey, T.L. (1981), *Frisian*. The Hague-Paris-New York, Mouton.
- Oud, A.G. (1987), *Woa'deboek fan ut Amelands*. Ljouwert, Fryske Akademy.
- Perdok, E. (2001), *Woordenboek Nederlands-Schiermonnikoogs*. Schiermonnikoog, Cultuurhistorische Vereniging 't Heer en Feer.
- Rubach, J. (1994), 'Affricates as strident stops', *Linguistic Inquiry* 25, 119-143.

- Siebs, Th. (1889), *Zur Geschichte der englisch-friesischen Sprache*. Halle a/S, Max Niemeyer.
- Spenter, A. (1968), *Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart. Eine geschichtliche Studie des autochthonen westfriesischen Inseldialekts*. Kopenhagen, Munksgaard.
- Tamminga, D.A. (1963), *Op 'e Taelhelling I. Losse trochsmeden fan Frysk taellibben*. Boalsert, Osinga.
- Veenstra, D. (1989), '/d/-Rotasisme yn it Frysk. Fonetyske en fonologyske aspekten fan de oergong /d/ > /t/' , *Tydskrift foar Fryske Taalkunde* 5, 41-67.
- Visser, W. (1997), *The syllable in Frisian*. [Ljouwert], Fryske Akademy.
- Visser, W. & S. Dyk (2002), *Eilander Wezzenbúek. Woordenboek van het Schiermonnikoogs*. Ljouwert / Leeuwarden, Fryske Akademy.
- Weijer, Jeroen van de (1996), *Segmental structure and complex segments*. Tübingen, Niemeyer.
- Winkler Prins, A. (1867), *Geschiedenis en beschrijving van het eiland Schiermonnikoog*. Amsterdam, Loman en Verster.

T.G. van der Meulen as (masterlik) komponist fan it figuerlike

Eric Hoekstra

Summary

2006 is the centenary of the death of the writer Tjibbe Geerts van der Meulen. Critics have agreed that he was unable to compose a story adequately, comparing him unfavourably to Waling Dykstra, who was supposed to be much better at composition. However, I will show that the short story "Britting" has a neat composition and may be considered to be one of the masterpieces of 19th-century literature, Dutch literature included. Van der Meulen's apparently wildly associative sidelines in his story will turn out to exhibit a strong formal and symbolic cohesion. The two story lines of Britting, the associations and digressions, all contribute to the central theme of the story: a rather philosophical view of man in which cynical truth is softened by humour and by a vital enjoyment of life's colourfulness. After that, I will analyse two more stories by van der Meulen, which likewise exhibit a tight composition.

Gearfetting

Van der Meulen, dy't yn 2006 syn hûnderste stjerdei hat, giet by de kritisy foar in auteur dy't net goed in ferhaal bekomponearje koe. Hy wurdt dan gauris ferlike mei Waling Dykstra, dy't soks dan folle better koe. Ik sil lykwols sjen litte dat alteast it koarte ferhaal *Britting* in tige hechte komposysje hat en ta it bêste fan de 19e-ieske literatuer rekkenje wurde kin, de Nederlânsktalige literatuer ynbegrepen. It sil bliken dwaan dat de skynber "wyldseawige" assosjaasjes fan Van der Meulen in tichte gearhing fertoane. De twa ferhaallinen yn *Britting*, de assosjaasjes en de sydpaden, drage beide by ta it sintrale tema fan it ferhaal: in frijwat filosofyske fisy op wrâld en minske, dêr't sawol de hurde wurklikheid fan it libben as it humoristyske en de nocht oan it kleurrike derfan in plak krije kinne. Dêrnei sil ik ek noch twa oare ferhalen fan Van der Meulen analysearje, dy't allyk as *Britting* in hechtere komposysje ha.